

Yn petear mei Oebele Vries

Oer Aldfryske oarkonden en mear


Dr. Oebele Vries – lid en earder bestjoerslid fan de Fryske Akademy – is al moai wat jierren yn it wurk fan de Fryske Akademy behelle. Sûnt syn pensjonearring is er as gastûndersiker aktyf by ús ynstitút en dat smyt moaie resultaten op. Noch net sa lang lyn is fan syn hân it boek *Ferdban* ferskynd. Oer dat en mear in fraachpetear mei de ûnderwilens 74-jierrige histoarikus.

Wat betsjut it om gastûndersiker op de Akademy te wêzen?

“Gastûndersiker wêze by de Fryske Akademy betsjut foar my hiel wat: fasiliteiten op 'e FA lykas it wurkplak, dêr't ik graach gebrûk fan meitsje, om't ik my dêr better op myn ûndersyksprojekten konsintrearje kin as thús, mar dêrneist ek it hawwen fan in meiwurkersside op de website, de kontakten mei de meiwurkers, in fraachbaak foar harren wêze en net te ferjitten Tresoar en it Histoarysk Sintrum Ljouwert, tichteby sitte.”

Okkerlêsten is it boek *Ferdban* útkaam. Hoe kaamst by dy Fryske oarkonden en hoe lang hâldst der al mei dwaande?

“Mei Aldfryske oarkonden bin ik dwaande sûnt ik yn 1974-1975 as ZWO-meiwurker oan it Frysk Ynstitút RUG oansteld wie. Dat smiet yn 1977 *Oudfriese Oorkonden, vierde deel* op. Letter haw ik wurke oan ferskate publikaasjes en artikels oer it ûnderwerp. As gastûndersiker op 'e FA wurke ik oan *Oudfriese Oorkonden, vijfde deel*, dat ferskynde yn 2016, en dêrnei wurke ik oan *Ferdban*.”



Do hast in soad kolleezje jûn oer de Fryske oarkonden – hoefolle (en hokker) studinten hiedest?

“Ik ha fan 1979 oant 1992 kolleezje oer Aldfryske Oarkonden jûn. Ik hie dêr elk jier sa'n fiif studinten foar en guontiden wat mear, dêrûnder ek bekende Fryske literatoaren lykas Jo Smit, Jan Wybenga, Lieuwe Hornstra, Tsjêbbe Hettinga; ek Bert Looper en Geart de Vries.”

Wat is der sa nijsgjirrich en wichtich oan dy oarkonden?

“Oarkonden litte de rjochtspraktyske sjen, de – mear bekende – Aldfryske wetsteksten de rjochtsnoarm. Oarkonden binne, oars as de wetsteksten, eksakt datearre en meastal ek eksakt te lokalisearjen en se fertoane taalkundige bysûnderheden, lykas dialektferskillen binnen Fryslân. Ynterne feroaringen yn it Frysk kinne troch oarkonden rûchwei datearre wurde.”

Wêr bist grutsk op by dit projekt?

“Ik bin der it meast grutsk op dat ik yn de taljochting by de hûndert teksten hiel wat nije ynformaasje jaan kin dy't ik út dy oarkonden helje, dêrtroch kin der mear ljocht smiten wurde op bygelyks it ûntstean fan de bysûndere posysje fan it Amelân, of it Bieroproer yn Ljouwert fan 1487. Fierders kinne der ferkearde foarstellingen opromme wurde, lykas dat 1405 it beskiedende jier yn de skiednis fan it Amelân west hat. Dat moat sa goed as wis 1445 wêze.

Ik hie dat trouwens ek al ris yn in artikel nei foaren brocht, mar yn *Ferdban* kin ik dat mei noch mear krêft fan arguminten dwaan. En ek kin ik bygelyks in folle skerper byld jaan fan de útwreiding fan it stedsrjochtsgebiet fan Ljouwert.”

Hoe binne de reaksjes op de publikaasjes?

“De reaksjes binne fan posityf oant entûsjast. Wat ik wol spitchich fyn, is dat der by de presintaasje op it Provinsjehûs gjin publyk wêze mocht, mar sa is dat op 't heden yn de koroanatiid.”

Wat is dyn earstkommende projekt? Of hopest op nije, net ûntdutsen oarkonden?

“De útjefte en oersetting fan Codex Roorda is it earstfolgjende projekt. Yn oparbeidzjen mei Han Nijdam, Jan Hallebeek, Hylkje de Jong en Marvin Wiegand wurdt dêr al drok oan wurke. Dat is dus net in ienmansprojekt. Fierders ha ik it foarnimmen om Middel Nederlânske oarkonden út Fryslân út te jaan. Dêr begjin ik pas oan as ik wer op de Akademy wurkje kin. Sûnt de edysje fan 2016 binne alle Aldfryske oarkonden útjûn en binne der ek gjin ûnbekende Aldfryske oarkondeteksten mear ûntdutsen.”

Ferdban

De Aldfryske oarkonden yn *Ferdban* wjerspegelje it deistich libben fan gewoane minsken en fan de allerryksten en allermachtichsten yn Fryslân. Se geane ek oer saken as fete en frijheidsstriid, de alsidige aktiviteiten fan kleasters, de groeiende ynfloed fan stêden en de bysûndere posysje fan it Amelân. Boppedat litte se de transformaasje sjen fan Fryslân yn de jierren koart nei 1500, doe't de swiid ferneamde, mar yn krisis tahâldende Fryske frijheid ôflost waard troch in strakke, mar tagelyk fernijende foarstehearskippij. 📖

Vries, Oebele, *Ferdban; Oudfriese oorkonden en hun verhaal*, Noordboek, De Gerdyk, 2020, 432 siden, Akademynûmer 1125. ISBN 9789056156428. Priis: € 49,90.